



# Dit is de dei...

## Sara en Simon folgje Jezus

*troch Foekje-Fleur Fink*

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. De hiele famylje is doopt yn de Jorjaan en begjint ‘in nij libben’. Dat makket dat se Jezus folgje op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan pake, harren grutte broer Daniël en oaren oer Jezus. As heit fertelt, hawwe se altyd bot wille. Dy fertelt ferhalen oer Sara en Simon. Harkje mar.

### Jou de moed net op

Lukas 11, 5-13

It wie jûntiid. Foar Sara en Simon wie it bêdtiid.

“Sil ik jim foar de nacht noch in ferhaal fertelle?” frege heit.

Sara en Simon rûnen sa hurd as se koene nei heit ta en krûpten ticht tsjin him oan. Dit wie it moaiste momint fan de dei. Soms makke heit grapkes. Dan gie it ferhaal oer harren sels. Soe er dat jûn wer dwaan?

“De learlingen fan Jezus wisten net hoe’t se bidde moasten. Witte *jim* dat wol?” frege heit.

“Ik wol, hear”, sei Simon

“En ik ek wol”, sei Sara

Tagelyk begûnen se: “Us Heit yn ‘e himel, lit Jo namme hillige wurde, lit Jo keninkryk komme, lit Jo wil dien wurde op ierde likegoed as yn ‘e himel...”

“Hoe kin dat no?” lake heit. “Jezus syn learlingen wisten it net. En jim wol? Wa hat jim dat gebed leard?”

“Us mem!” rôpen Sara en Simon tagelyk.

Heit moast efkes neitinke en sei: “Dan binne jimme no learlingen fan Jezus.”

Sara en Simon knikten...

Heit fertelde:

“It wie al let. De sinne wie al lang ûnder. Dochs rûn der noch immen op ‘e wei om. En, skrik no net... Dat wie Simon. Hy kloppe oan by Sara.

Sara liet him deryn en sei: “Och, broer fan my, wat sjochsto der út! Hast hjoed wol iten hân?”

Simon skodholle.

Doe gong Sara yn 'e hûs om bôle. Se luts de kast iepen. Mar de bôle wie op. Gau rûn se nei de buorfrou ta. Sara wie in freondinne fan har.

Sara kloppe op 'e doar en rôp: "Doch ris iepen!" Mar de buorfrou slepte al. It wie ek al nacht.

Opnij kloppe Sara op 'e doar... Sy wachte. Mar it bleau stil.

Ik jou it net op, tocht Sara. Myn broer hat honger.

Doe stuts se de holle troch it finster. Se wist dat de buorfrou dêr lei te sliepen.

"Hé, buorfrou", flústere se, "wurd ris wekker!"

De buorfrou skrok... En skeat oerein.

"It muoit my dat ik dy wekker meitsje," sei Sara, "mar ik krige jûn myn broer noch op besite. Hy hat bot honger. "Hasto ek in pear stikken bôle foar my?"

De buorfrou knipere mei de eagen en kaam oerein. Sliepdronken rûn se nei de kast ta.

Dêr lei noch wat bôle. Sy pakte ien en sei: "Nim mar mei!"

Heit seach nei Sara en Simon en frege: "As dy buorfrou lulk wurden wie en sein hie: Nee, it is nacht. Kom moarnier mar werom. Wat dan?"

Sara en Simon lutsen oan 'e skouders.

Simon tocht: ik hie it net oandoard sa midden yn 'e nacht.

Sara wist it ek net en dêrom sei se mar gau: "Gelokkich mar dat it in ferhaaltsje is."

Heit seach oan de gesichten wol dat Sara en Simon der neat fan begrepen hiene. Dêrom sei er: "Sara hold oan 'e ein ta fol! Just dêrom krige sy dy bôle."

"Ik fûn Sara oars wol flink brutaal", sei Simon. "Yn 'e nacht de holle troch it finster stekke wylst de buorfrou dêr lei te sliepen!"

"O ja?" frege heit. "Witte jim wat Jezus syn learlingen leart?"

Sara en Simon lutsen opnij oan 'e skouders.

"Jezus leart syn learlingen: Jou de moed nea op!"